

presentatietekst: Nei jierren fan plannemakkerij krijt It Noarderbegraafplak yn Ljouwert in eigen teehûs. De gemeente Ljouwert hat dêrfoar it eardere liykhúske yn brûklien jûn oan de Stichting Theehuis Leeuwarden. Mei help fan bedriuwen en 20.000 euro út in fûns fan de Rabobank wurdt dat no ferbout ta teehûs. Ferline jier hie dy stichting al alle sneinen in teehûs iepen yn de aula fan it begraafplak en neffens de inisjatyfnimmers is dat in sukses. No komt der dus in permanint plak dêr't besikers alle dagen terjochte kinne foar kofje en tee en in lústerjend ear. Stevens Smits fan de Stichting Theehuis Leeuwarden hat de kaaien al krigen...

(reportaazje) [http://www1.omropfryslan.nl/Mear\\_Nijs\\_69447.aspx](http://www1.omropfryslan.nl/Mear_Nijs_69447.aspx)

Natekst: Stevens Smits fan de Stichting Theehuis Leeuwarden. Hy liet it takomstige teehûs sjen oan ferslachjouwer Jitske de Hoop. Takom wike begjint de ferbouwing fan it lykhúske. It teehûs moat dan ein juny de doarren iepenje.